

HEKSEN



**FUORT MAR LOS
JONGEREINTOANIEL
SPILET**

4 FEBREWARIS 2017 – 19:30 – YN NOFLIK EASTEREIN

KAARTEN RESERVAERJE KIN FIA: akke.veldman@ziggo.nl

**TACONG BERN €3,00
FOLWOEKENEN €7,50**

Tige tank allegear!!!



Op 4 febrewaris is de musical 'Heksen' opfierd troch 21 jongereinspilars fan Fuort mar los út Easterein en Itens. It wie in grut sukses: de seal wie útferkocht! De jongereinspilars fan Fuort mar los wolle elkenien dy 't dizze musical mei mooglik makke hat tige tankje: de jongereinkommisje, de sponsors, de mannen fan lûd en ljocht, de sminksters en alle oare – it wienen der in hiel soad – meiwurkers!

Takommend jier binne we der wer mei in nije foarstelling. By dizzen binne jo fan herte útnoege!

Wolsto ek meidwaan oan it jongereintoaniel? As wolsto earst mear witte oer toanielspyljen by Jongereintoaniel Fuort mar los? Stjoer dan in mail nei Akke Veldman fia akke.veldman@ziggo.nl.

Elkenien dy't yn septimber 2017 tusken de 11 en 19 jier âld is, kin him / har opjaan. Doch dit wol sa gau mooglik, om 't it oantal jongereinspilars dat meidwaan kin beheind is. De kontribúsje foar it jongereintoaniel is €15,00. De repetysjes binne op woansdei fan 18:30 - 20:00 yn Noflik Easterein. De repetysjes begjinne yn septimber.



Toanielferiening 'FUORT MAR LOS' spilet

TWA



Fan Jim Cartwright * Oersetting Romke Toering * Foto: Paul de Bruin

17 maart 20.00 yn Noflik Easterein

18 maart 20.00 yn Noflik Easterein

19 maart 16.00 yn Noflik Easterein

Yn ferbân mei in beheind oantal plakken is der in foarferkeap.
Der binne noch kaarten te krijen by Eppie Heins, Populiereleane 5 en
Antje Stenekes, 't Kleaster 8. Tagong: €7,50 / Bêrn: € 5,00 Fol = Fol

TWA

It ferhaal:

It toanielstik “TWA” spilet yn de herberch fan Klaas en Jantsje van der Zee, oan de taap sitte ornaris net folle gasten. Troch de wike sa’n seis, sân, dan hâldt it wier wol op en faaks binne it dan ek noch de fêste klanten. Jo witte wol, klanten dy’t elkenien ken, en sels as jo der net bliid mei binne, harren altyd temjitte komme as wienen it jo bêste freonen. Op dizze jûn sit de kroech grôtfol, it komt harren suver oer it mad. Dus de mouwen opstrûpt en de kop derfoar, soene jo sizze.

Mar no ferrint de gearwurking tusken Klaas en Jantsje net altyd maklik, beide ha it dreech om elkenien op tiid in slokje as in hapke te bringen en dat jout de nedige spanning. Op sokke jûnen treffe jo dan ek noch altyd lju dy’t oan de bar skowe om dêr har eigen ferhaal te fertellen. Minsken dy’t efkes bykomme ûnder it genot fan in lekker gleske bier, oaren om har eigen ego goed sjen te litten. Somtiden ha jo begrutsjen, as de teannen krom yn de skuon, oaren slute jo fuortdaliks yn jo hert. Hawar, Klaas en Jantsje ha in drokke jûn en ek sy hawwe har eigen ferhaal.

Skriuwer: Jim Cartwright **Oersetting:** Romke Toering **Rezjy:** Sybe van der Ploeg

Rezjy-assistent: Ilke van Wermeskerken **Dekor:** Thom Veldman

Ljocht en lûd: André Vink, Jan Bouke Bouma **Grime:** Talitha Dijkstra, Sjierkje Plantinga, **Foto:** Paul de Bruin **Bestjoer:** Baukje Stavinga, Eppie Heins, Sjierkje Plantinga, Ype Tiemersma, Antje Stenekes

Spilers:

Klaas van der Zee, kastlein:

Jantsje van der Zee – Sikkema, kastleinske:

Sjonnie Roosjen:

Anita Boonstra:

Jet Lettinga:

Kees Jaarsma:

Monica Braun:

Faiky de Jong:

Wullum Ferwerda:

Gerke van Est:

Tryn van Est

Maaïke de Groot:

Piter – Sybren de Haas:

Geert Couperus

Baukje de Jong

Theo Jelsma

Karin Sjaarda

Rigt Bergsma

Berend Santema

Baukje de Jong (dûbelrol)

Elisabeth Breeuwsmā

Geert Couperus (dûbelrol)

Berend Santema (dûbelrol)

Akke Veldman

Romine Jelsma

Sibo Boersma